



# PRAATSJES

(Rumours)

In klucht fan

**NEIL SIMON**

Nederlanske tekst fan

**Nicolet Steemers**

Fryske Oersetting

**Gurbe Dijkstra**

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

(Grimas Theatergrime verkoop)

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)

## VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **PRAATSJES - RUMOURS** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **NEIL SIMON** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: © 1984 by Neil Simon**

**Copyright Frisian translation: © 2002 by Neil Simon**

**Internet: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

#### **Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **10** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

#### **Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,  
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.  
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten  
van u te claimen, of te innen.**

## **PERSOANEN:**

Chris Gorman – frou, mids tritich

Ken Gorman – man, sawat tritich

Claire Ganz – frou, yn de tritich

Lenny Ganz – man, foar yn de fjirtich

Ernie Cusack – man, begjin fyftich

Cookie Cusack – frou, yn de fjirtich

Glenn Cooper – man, yn de fjirtich

Cassie Cooper – frou, yn de tritich

Agint Welch – man

Agint Pudney – frou, achter yn de tweintich

## **TIID:**

Hjoed

## DEKOR:

In grut, smaakfol restaurearre Viktoariaansk hûs yn Sneden's Landing, New York. Op sawat fjirtich minuten fan it sintrum. Nettsjinsteande de âlderdom en ryklik fersierde foargevel is it ynterieur modern, swart – wyt en sprankeljend skjin. In doar rjochtsfoar komt út yn de hal. Rjochts fan dy doar is it húske. In tred leger is de grutte, komfortabele sitkeamer. De meast dominearjende kleur is wyt. Der bin twa sitgroepen yn de keamer.

Rjochts in sitbankje en twa stuollen. Foar it sitbankje, tichteby it húske, is in tafel mei in telefoan (mei in lang snoer). Yn it midden fan de sitkeamer stiet in grutte sofa mei in kofjetafel. Twa stuollen links fan it toaniel heare by dizze sitgroep. Oan de muorre links hinget in spegel mei in sierlike list. Tsjin de achterwand stiet in moai wandmeubel mei dêryn in ryklik fan drank fersjoene bar en in stereomeubel. Hjir tuskenyn is in (sletten) doar nei de kelder. De trep is yn de sitkeamer en rint mei in bocht nei in oerloop en twa doarren; beide sliepkeamers. Op de oerloop in reling. Links op de oerloop is in trochgong dy 't nei in hal en noch mear sliepkeamers liedt. Foar dizze trochgong is it ferlingde fan it balkon, dat as boartersromte brûkt wurde kin. Links yn de sitkeamer jouwe dûbele doarren tagong ta in ytkeamer en oanslutend in keuken. In grut rût boppe de foardoar jout útsicht op it beammehôf yn de achtertún. In grut rût yn de muorre rjochts jout útsicht op in gersfjild en dêr achter de oprydleane. De koplampen fan auto's dy de oprydleane opkomme kinne troch dit rût sjoen wurde.

## EARSTE BEDRIUW

At it doek opgiet, is it sawat healwei njoggenen jûns op in sachte jûn yn maaie. Chris Gorman, in oantreklike frou, mids tritich, rint soarchlik op en del, sjocht op har horloazje, bitend op har neilen. Se is elegant klaaid yn in (design) jûnsjurk. Se sjocht nei de telefoan, dan wer op it horloazje. Se liket in beslissing te nimmen en rint nei it sigaretedoaske dat op de kofjetafel stiet. Se pakt der in sigaret út, en leit dy dan wer werom.

CHRIS: O, God! *(ynienen giet de doar fan de sliepkeamer fan Charley op de oerloop iepen, en Ken Gorman, sawat tritich jier, klaaid yn in smoking, rint nei de reling. Hy sjocht der hyt en oeremis út. Beide prate hurd, hastich)*

KEN: Hat er al belle?

CHRIS: Dan hie ik dy wol roppen.

KEN: Belje him noch es.

CHRIS: Ik ha al twa kear belle. Se sykje him op... Hoe is 't mei 'm?

KEN: Ik wit it net. Hy bliedt as in ko.

CHRIS: O, God!

KEN: De hiele keamer sit ûnder it bloed. Ik snap net wêrom 't minsken har keamer wyt fervje... At er oer twa minuten noch net belle hat, belje dan it sikehûs mar.

CHRIS: Ik tink dat ik in sigaret nim, Ken.

KEN: Hielendal net. Net nei achttjin moanne. Hâld dysels in bytsje yn, wolst? *(hy giet hastich de sliepkeamer wer yn, docht de doar achter him ticht. Sy begjint wer hinne en wer te rinnen)*

CHRIS: Net te leauwen. Dit gebeurt net echt. *(se rint nei it doaske mei sigaretten. De telefoan giet) O, God! (se ropt) Ken, de telefoan giet! (mar hy is fuort. Se rint nei de telefoan en nimt op) Hallo? Dokter Dudley?... O, dokter Dudley, ik bin bliid dat jo 't binne. De antwurd service sei dat jo yn 't teater sieten. (de doar fan de sliepkeamer fan Charley giet iepen. Ken sjocht troch de doar)*

KEN: Is dat de dokter?

CHRIS: *(yn de hoarn)* Ik soe jo oars noait steurd ha, mar dit is in needgefal.

KEN: Is dat de dokter?

CHRIS: *(yn de hoarn)* Jo prate mei Chris Gorman. Myn man Ken en ik bin goede freonen fan Charley Brock.

KEN: Is dat de dokter?

CHRIS: *(draait har om, hâldt de hoarn tsjin har liif, en skreaut nei Ken)*  
IT IS DE DOKTER! IT IS DE DOKTER!

KEN: (*lilk*) Wêrom seist dat dan daliks net? (*hy giet de sliepkeamer wer yn, docht de doar achter him ticht*)

CHRIS: (*yn de hoarn*) Dokter Dudley, ik bin bang dat der in ûngelok gebeur is... ik soe ûnder oare omstannichheden myn eigen húsdokter belle ha, mar myn man is advokaat, en sjoen de situaasje, like 't him better om Charley syn eigen dokter te beljen... No, wy kamen hjir krekt tsien minuten lyn oan... en op 't stuit dat wy út 'e auto stapten, hearden wy in enoarme... (*Ken komt ynienen de sliepkeamer wer út*)

KEN: Neat sizze!

CHRIS: (*tsjin Ken*) Wat?

KEN: Net sizze wat der gebeur is!

CHRIS: Net sizze?

KEN: Doch no mar wat ik sis.

CHRIS: En Charley dan?

KEN: Neat oan 'e hân. It wie mar in skampskot. Sis mar neat oer it gewearskot.

CHRIS: Mar se ha dy dokter spesjaal út 't teater helle.

KEN: Sis mar dat er fan de trep fallen is en syn holle stjitten hat. Alles is goed mei him.

CHRIS: En al dat bloed dan?

KEN: De kûgel is troch syn earleltsje gongen. 't Stelt neat foar. Ik wol net dat dy dokter dat wit.

CHRIS: Mar ik ha al sein dat we, doe 't wy út 'e auto stapten in enoarme... wat hearden? Wat hearden wy?

KEN: (*rint nei ûnderen*) Wy hearden...

CHRIS: (*yn de hoarn*) Ha jo even, dokter?

KEN: (*tinkt nei wylst er nei ûnderen rint*) Wy hearden... Wy hearden... Wy hearden... in enoarme... BÛNS!

CHRIS: Bûns?

KEN: Doe 't er fan 'e trep foel.

CHRIS: Goed. Okee. Ja, dat is 't. (*yn de hoarn*) Dokter Dudley? Nim my net kwea ôf. Ik moast even mei myn man oerlizze. Wy hearden in enoarme BÛNS! It die bliken dat Charley fallen wie doe 't er 'e trep oprûn.

KEN: Ôfrûn! Hy rûn de trep ÔF!

CHRIS: De trep ôf. Mar alles is goed mei him.

KEN: Hy sit op bêd. Hy bellet him moarn wol even.

CHRIS: Hy sit op bêd. Hy bellet him moarn wol even.

KEN: JO!

CHRIS: JO! Hy bellet jo moarn wol even.

KEN: It spyt dy datst 'm steurd hast.

CHRIS: It spyt my dat ik jo steurd ha.

KEN: Mar alles is echt ynoarder.

CHRIS: Mar alles is echt ynoarder.

KEN: Betanke. Oant sjen.

CHRIS: *(tsjin Ken)* Wêr giest hinne?

KEN: HIM! Tsjin HIM moatst betanke en "oant sjen" sizze.

CHRIS: O. *(yn de hoarn)* Betanke en oant sjen, dokter... Wat? Wachtsje even. *(tsjin Ken dy 't de trep alwer oprint)* Is hy net dûzelich?

KEN: Nee. Hy is net dûzelich.

CHRIS: *(yn de hoarn)* Nee, hy is net dûzelich... Momint. Kin hy syn hannen en fuotten bewege?

KEN: *(ergere)* Ja! Hy kin alles bewege. Lis del dy hoarn.

CHRIS: *(skreaut tsjin Ken)* Se ha him út "De Phantom of the Opera" helle. *(yn de hoarn)* Ja, hy kin alles bewege... Wat? *(tsjin Ken)* Praat er ûndúdlik?

KEN: NEE! NEE, HY PRAAT NET ÛNDÚDLIK!

CHRIS: *(tsjin Ken)* Skreau net sa. Hy kin dy wurdlik ferstean. *(yn de hoarn)* Nee, hy praat net ûndúdlik.

KEN: Ik moat wer nei Charley ta. *(Ken wol de sliepkeamer wer yn gear)*

CHRIS: *(yn de hoarn)* Lêst fan wat? *(tsjin Ken)* Lêst fan earsûzjen?

KEN: Net te leauwen... Nee. Sis mar fan net.

CHRIS: *(yn de hoarn)* Ja. In bytsje lêst fan earsûzjen.

KEN: Ik sei doch datst nee sizze moast?

CHRIS: It komt better oer at er wol wat earsûzjen hat.

KEN: Jezus!

CHRIS: *(yn de hoarn)* Wa? Syn frou? Myra?... Ja. Myra is hjir.

KEN: *(fljucht nei ûnderen)* Se is hjir NET. Sis no net dat se hjir is. Foar datst it witst wol er ek noch mei har prate.

CHRIS: *(yn de hoarn)* Dokter Dudley? Foutsje. Se is hjir net. Ik miende fan wol mar it blykt net sa te wêzen.

KEN: Se is krekt fuort. Se kin der elk momint wer wêze.

CHRIS: *(yn de hoarn)* Se is der krekt wer. Se kin elk momint fuortgean. Ja, ik sil freegje at se jo bellet. *(Ken giet wer nei boppen)* Goed... tanke, dokter Didley, dokter Dudley. Genietsje mar fan 'e foarstelling. Ken en ik ha 'm ek sjoen. Geweldich... Foaral it twadde bedriuw. Wa spilet jûn it phantom?

KEN: Nimst no dy hiele ferdomde musikal ek noch troch? *(Ken giet nei de keamer fan Charley)*

CHRIS: O, Charley ropt my. *(ropt)* Wachtsje even, Charley! *(yn de hoarn)* Hy klinkt al in stik better. Ik gear mar es even nei him ta. Ja, dokter, dat sil 'k dwaan. *(se hinget op, is poerlik op Ken)* Doch dat NOAIT wer. Hy sil 't wol in raar gedoch fine. Ik ha syn namme net ien



kear goed útsprutsen.

KEN: *(komt de sliepkeamer út)* At er wer ien bellet, dan moastst net opnimme. *(hy wol de sliepkeamer wer yn gean)*

CHRIS: Wêrom moast ik dokter dan belje fan dy?

KEN: Omdat 'k earst tocht dat de kûgel troch syn holle gongen wie ynstee fan syn earleltsje. Meitsje es in dûbele wodka foar my. Ik ha Charley ûnder de dûs set.

CHRIS: At er ferdrinkt, bellest sels mar. *(Ken giet de sliepkeamer yn)* Ik begryp net hoe 't it komt dat wy hjir altyd as earsten binne. *(se skinkt de wodka yn)* Noch noait yn ús libben bin wy ergens te let kommen. Spitigernôch. Oars wiene wy net foar dizze ellinde opdraaid. *(se rint wer nei it sigarettedoaske. De bel giet. Se springt fan skrik in eintsje omheech)* O, SHIT! Shit shit shit shit! *(de doar fan de sliepkeamer giet iepen. Ken komt der út)*

KEN: Wa is dat? Wa is dat?

CHRIS: Stean ik soms by de doar? Sjochsto minsken hjirre? Ik ha myn skeelers net ûnder!

KEN: Jou my even in minút betinktiid.

CHRIS: Nim rêstich de tiid, want ik bin net fan doel in doar iepen te dwaan. Ik praat allinne mei dokter Dudley.

KEN: Goed. It moat Lenny wêze, of oars Ernie. Wy moatte de doar wol iepen dwaan.

CHRIS: Do hast hannen krige. Brûk se mar es.

KEN: Ik moat Charley noch ôfdroegje en syn ear ferbine. Fertel noch oan gjin ien wat er gebeurd is. Ik moat even neitinke. Kinst se net even oan 'e praat hâlde?

CHRIS: Syn bêste freonen komme om te fieren dat er tsien jier troud is, sy is er net, hy sjit himsels troch 't ear en ik moat 't moaie waar hjir wat ophâlde.

KEN: Besykje om dysels fan kant te meitsjen is in misdied, en dan ha 'k it noch net iens oer 't skandaal dat er fan komme kin. Charley is loko-boargemaster fan New York. Hy is klant fan my en myn bêste freon, Ik moat 'm wol beskermje, fynst net? Boartsje no asjebleaft even foar gastfrou oant ik betocht ha hoe 't wy ús hjir út rêde. *(de bel giet wer)*

CHRIS: Gastfrou boartsje? Der is neat te iten, gjin iis yn de amer. Wêr is de help? Wêr is de tsiisfondu? Wêr is Myra? Wat moat ik dwaan oan 'sto der wer bist. Ezeltsje Prik?

KEN: Do bist sels ek advokaat. Kinst dan neat betinke?

CHRIS: Kontrakten! Ik slút kontrakten ôf! At er hjir ien ynkomt dy't in kontrakt ôfslute wol, HA IK DÊR GJIN INKELE MUOITE MEI!

KEN: Kalm. Kalm oan. Ik bin er sa wer. *(de bel giet wer)*

CHRIS: Sko Charley in pear toffels oan 'e fuotten en sis dat er sels iepen docht.

KEN: *(skreaut)* Kalm! Drink myn wodka mar op.

CHRIS: Wêrom soe wodka better wurkje as in pear halen oan in sigaret?

KEN: Omdat se allegear witte datst net mear rookst, en at se dy dan roken sjogge witte se daliks dat er wat oan 'e hân is.

CHRIS: Bedoelst dat se 't normaal fine sille at ik foar har fuotten ynelkoar sakje? *(de bel giet – ûngeduldich. Ken draaft de sliepkeamer yn en docht de doar achter him ticht. Chris rint nei de foardoar. Se docht de doar iepen. Claire, in oantreklike frou yn in jûnsjurk, komt der hastich yn. Se hâldt mei de iene hân in bûsdoek tsjin de sydkant fan de mûle drukt, in hântas yn de oare hân)* Claire, leave, do sjochst der fantastysk út. Wêr is Lenny?

CLAIRE: *(wylst se nei binnen rint)* Yn 'e auto. Wy ha in ûngelok hân. In gloednige BMW, twa dagen âld, de sydkant sit hielendal ynelkoar. Sis it mar net tsjin Charley en Myra. Ik wol har jûn net ferpeste. *(se rint nei de spegel en besjocht har gesicht)*

CHRIS: O, God! Wat hast?

CLAIRE: Myn lippe wurdt dik. *(sjocht yn de spegel)* O, Jezus. Ik lykje wol in trompetspiler.

CHRIS: Wêr is Lenny?

CLAIRE: Hy komt er oan. Hy kin net sa hurd rinne. Hy hat in whiplasch. De feilichheidsriem siet om syn nekke. Hy waard er hielendal troch omheech lutsen. Ik ha him mar even bongelje litten.

CHRIS: O, leave, wat slim. Kin ik wat dwaan?

CLAIRE: Sis it mar net tsjin Myra. Dit feestje betsjut safolle foar har. *(troch de foardoar komt Lenny der yn. Hy hat in smoking oan. Ien hân op de pynlike nekke, yn de oare in kadootsje)*

LENNY: *(hat pine, mar wit doch in glimke op te bringen. Syn nekke is stiif)* Hallo, Charley! Hoi, Myra! We binne der, jonges!

CHRIS: Se bin boppe, Lenny.

LENNY: *(tsjin Chris)* Hat se sein wat er gebeurde is? Ien of oare flipte idioat kaam mei de auto as in raket syn garaazje útriden. Ik ha no fjouwer doarren oan ien kant.

CHRIS: Hoe giet 't mei dyn nekke?

LENNY: Utrekt, ek oan ien kant. Ik fiel my krekt in skilderij fan Modigliani. *(hy rint nei de telefoon)*

CHRIS: Wolst wat drinke?

LENNY: Ik bin bang dat ik net slokke kin.

CLAIRE: En dat no krekt op in jûn as dizze.

LENNY: Dit is harren kado. Steuben glês. *(hy skoddet de doaze op en*

*del. Wy hearre brutsen glês rinkeljen*) At er ien oars lym meinimt, dan ha se doch noch in leuk kadootsje. *(hy begjint foarsichtich in nûmer yn te toetsen)*

CLAIRE: *(besjocht har mûle yn in hânspegel)* Ik hie 't puntsje fan myn tonge wol ferlieze kinnen. Dan hie 'k fierder Gallisch prate moatten.

LENNY: *(wachtsjend foar de telefoan)* In gloednije, brânskjinne auto, noch noait troch in mins oanreкке. Poetst en yn de waaks setten troch Dútske froulju út Munchen en no sjocht hy der al út as in oarlochsmonumint. *(yn de hoarn)* Hallo? Mei Leonard Ganz. Is dokter Dudley oanwêzich?

CHRIS: Dokter Dudley?

LENNY: *(yn de hoarn)* Ja. Ik ha in whiplash... O... Witte jo ek yn welk teater?

CHRIS: O, God. Ik bin noadich oan in sigaret ta.

LENNY: Soene jo dat dwaan wolle? 't Is belangryk. Ik bin berikber op... *(hy sjocht nei de telefoan)* 914-473-2261... tankjewol. *(hy hinget op)*

CLAIRE: Ik moat myn mage kalm sjen te krijen. Is er neat te iten? In stikje bôle, as sa?

CHRIS: Tsjee... Ik sjoch neat.

CLAIRE: Gjinn bôle? Wêr is de kokkin? Mai Li? Se makket hearlike sandwiches.

CHRIS: Mai Li? Ik ha har net sjoen. Ik tink dat se dizze wike frij hat.

CLAIRE: Krekt yn de wike dat se tsien jier troud binne?

CHRIS: Ik tink dat se werom moast nei Japan. Har mem wie siik.

CLAIRE: Mai Li is in Sineeske.

CHRIS: Dat wit ik ek wol. Har mem wie op fakânsje yn Japan.

LENNY: *(noch altyd mei de hân yn de nekke)* Ik kin allinne noch omheech sjen. Ik hoopje dat er lange minsken op 't feestje komme... Wêr is Ken?

CHRIS: Ken? Nei 't húske.

LENNY: En wêr sitte Charley en Myra?

CHRIS: Dy binne har noch oan 't ferklaaien.

LENNY: Bin se no NOCH net klear? Wy ha in ûngelok hân mei de auto en wy bin op tiid.

CLAIRE: *(sjocht wer yn de hânspegel)* Myn lippe wurdt ferskriklik dik. Ik tink dat ik net genôch lippestift ha om 't hielendal ôf te dekken.

LENNY: Bin der gjinn nuten of sjips? Ik ha noch gjinn lunch hân hjoed. Trije fan dy ellindige belesting kontrôles op in lege mage. *(hy giet oerein)* Claire, wolst asjebleaf in Cola-light foar my helje, en wat om op te kôgjen? *(hy rint nei de trep)*

CHRIS: Wêr silst hinne?

LENNY: Nei de plee. Dêr ha ik de kâns noch net foar hân.

CHRIS: Dêr is in húske foar de gasten.

LENNY: Sit Ken dêr dan net?

CHRIS: Nee, hy brûkt it húske boppe.

LENNY: *(wiist nei it húske ûnder)* Wêrom dit net?

CHRIS: Dat wit ik net. Hy sei dat er noadich moast en doe fleach er nei boppen.

LENNY: At er sa noadich moast, is dit tichterby.

CHRIS: Do witst doch hoe 't it giet at je noadich moatte? Je kinne net mear ophâlde fan draven.

LENNY: Mar dit is koarter.

CLAIRE: Lenny, it is gjin Olympysk evenemint. Wêrom GUEST net gewoan?

LENNY: Dêrom bouwe se húskes foar gasten. *(rint nei it húske ûnder)* Mocht dokter Dudley soms belje, ik bin er sa wer. *(hy giet it húske yn en docht de doar ticht)*

CHRIS: Claire, wy moatte prate.

CLAIRE: *(giet neist Chris sitten)* Wat is der?

CHRIS: Ik barst sawat út myn foegen.

CLAIRE: Fan dyn jurk?

CHRIS: Nee, fan de senuwen. Ik tink dat 'k sadaliks ynstoart.

CLAIRE: Ja, ik sjoch 't. *(pakt de hân fan Chris)* Dyn hannen lykje wol iisklompen. Is hjir wat oan 'e hân, of net?

CHRIS: O, God. Do bist sa slim. Do merkst de dingen sa gau op.

CLAIRE: Do jagest my de skrik op de lea, Chris. Sis es, wat gebeurt hjir?

CHRIS: Goed. Ken en ik kamen hjir sawat tsien minuten lyn oan, en doe hearden wy in enoarme... *(de doar fan de sliepkeamer fan Charley giet iepen. Ken komt der út)*

KEN: Hee, Claire! Do sjochst der fantastysk út!

CHRIS: Ja, dat sei 'k ek krekt tsjin har. Se sjocht der geweldich út, fynst net? *(tsjin Claire)* Is dat net de jurk dy 'st oan hiest foar "Spastyske ferlamming"?

CLAIRE: Nee, dizze ha ik kocht foar "Bloedearmoede". Hallo, Ken.

KEN: Wêr is Lenny?

CLAIRE: Op 't húske. Wêr bin Charley en Myra?

CHRIS: *(tsjin Ken)* Noch hieltyd oan 't ferklaaien?

KEN: Ja. Noch hieltyd oan 't ferklaaien... Hoe foldocht de nije BMW? Is Lenny der gelokkich mei?

CLAIRE: Untsettend.

KEN: Hat er ek de nijste snufkes wêr 't er om frege?

CLAIRE: Mear as dat.

KEN: Moai.

CLAIRE: Bist klear op it húske, Ken? Ik moat sels ek. (*se rint nei de  
trep*)

KEN: Ik tink dat Myra der op sit.

CLAIRE: Dan brûk ik dat fan Mai Li wol even. Rop my mar at se werom  
komt út Japan. (*se giet de keuken yn*)

KEN: (*swaait mei de earm nei Chris*) Kom gau boppe! Toe! (*Chris draaft  
de trep op*) Sjit op! (*bûten adem komt se boppe*) Wat hast tsjin har  
sein?

CHRIS: Ik wit 't net mear.

KEN: Do witst 't net mear?

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

 072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**